LEEUWARDER COURANT

23 maart 2012 , pag. 4

DWERS

pieter degroot

Trelit om 'e taal

Formeel hat it Frysk allang syn rjochtlik en mei de taalwet skielk ek syn wetlik plak. Mar yn 'e praktyk is der noch in lange wei te gean, foar de oerheid en foar it bedriuwslibben. In lytse blomlêzing fan de lêste wiken.

1. As jo de plysje Fryslân skilje, krije jo it Shared-servicecenter yn Grins, dat jo freget op it Hollânsk oer te gean. As jo foar in needgefal de meldkeamer yn Drachten skilje, krije jo itselde fersyk. It Konsultatyf Orgaan Frysk makket der wurk fan en korpsbehearder Crone lit it ek ûndersykje. Fuort oppenearje de tsjinstanners, ek Friezen, har yn ynstjoerde stikken en op skelsites. Se fine it bespotlik, elke Fries hat dochs Hollânsk leard?

2. It miljeu-alaarmnûmer fan de provinsje is yn 2005 útbestege oan de Belgroep Groningen, om't der gjin Frysk bedriuw te finen wie dat sân dagen yn 'e wike fjouwerentweintich oeren deis

Yn 'e praktyk noch in lange wei te gean

tsjinst dwaan koe. Deputearre steaten stelden as eask dat klachten ek yn it Frysk trochjûn wurde koene. No't de Belgroep oernommen is troch in Drintsk bedriuw, is dat net mear mooglik.

3. It is tastien in notariële akte yn it Frysk opmeitsje te litten, mar it is de fraach oft jo dêr rûnom mei te plak kinne. Durk van der Schaaf kaam by de ABN Amro foar de winige doar. Se koene gjin Frysk lêze. Van der Schaaf is in beweger, dat hy skeakele Tûmba yn, it buro foar likense behanneling. In stevich krantestik die fertuten. De bank hat him útnoege foar in petear.

4. Tresoarmeiwurker Jelle Krol krige in pear dagen gjin krante en belle it klachtenûmer foar de besoarging. Dy't de telefoan opnaam, koe him net ferstean. Dat fernuvere him – mar dy telefoan wurdt opnommen yn Grins. Doe't er reklamearre, ha se him de ferûntskuldigingen oanbean: hy hie trochferbûn wurde moatten mei in Fryskprater.

Wat ik mei dizze foarbylden mar sizze wol: de striid foar algemiene erkenning fan de twadde rykstaal is noch lang net wûn. Op www.itnijs.nl klaget Klaas de Jongh oer de passiviteit fan de FNP yn dizzen. Hy wol der in lanlike partij fan meitsje. Kerst Huisman ropt yn in reaksje op ta geweldleas ferset: Wales mei syn Plaid Cymru en Welsh Language Society binne yn de jierren sechstich dy wei mei sukses ynslein. Mar it ferskil is dat yn Wales in grut draachflak ûnder de befolking bestiet foar it Welsh en dat dat foar it Frysk noch mar de fraach is, sa't ynsidint nei ynsidint sjen lit. Sokke ynsidinten frustrearje de boel, dat lit dy brede maatskiplike diskusje der mar komme.

>pieterjan.de.groot@planet.nl